BESLÚT

Underwerp : **Fansels Frysk – beliedsnota Fryske taal 2025-2028**

PROVINSJALE STEATEN FAN FRYSLÂN

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 7 maaie 2024 nr. 02209487, oangeande Fansels Frysk – beliedsnota Fryske taal 2025-2028

Oerwagende dat :

- Foar de perioade 2025-2028 nij provinsjaal taalbelied fêststeld wurde moat.
- De Fryske taal in wetlike taak is fan de provinsje om dizze te beskermjen en te befoarderjen.

Beslute :

1. Fansels Frysk 2025-2028, Beliedsnota Fryske taal, fêst te stellen, wêrby't de langetermyndoelen ta kundskip oannaam wurde en it Steatekomitee Frysk frege wurdt dizze te belûken by har inisjatyfútstel én mei it taheakjen fan in troch it kolleezje op te stellen tekst oer Fryske streektalen en it Nedersaksysk yn Fryslân mei as útgongspunten:
   - De provinsje Fryslân spant har derfoar yn dat streektalen in bettere posysje krije. De provinsje draacht dêrom yn de mande mei de bestjoerlik ferantwurdlike gemeenten by oan it beskermjen en befoarderjen fan de streektalen yn Fryslân.
   - Skoallen dy't dat winskje, yn regio's dêr't in streektaal yn gebrûk is, meie de streektaal taheakje oan it ûnderwiisoanbod Fryske taal en kultuer. Benammen yn de plakken dêr't in sterke streektaalmienskip is siket de provinsje yn de mande mei skoalstipers romte om in folweardige posysje fan de streektaal yn de lessen Fryske taal en kultuer fierder te fersterkjen.
   - Yn oerlis mei de Stellingwerven probearret de provinsje te kommen ta in effektyf taalbelied foar it Stellingwerfsk, mei as útgongspunt dat de provinsje in ferantwurdlikheid fielt foar it Stellingwerfsk en dêrom de primêre bestjoerlike ferantwurdlikheid fan de gemeenten stipet, binnen har wetlike taken en befoegdheden. Dêryn gean wy út fan proaktive gearwurking fan de Stellingwerven. Dêrby wurdt ek de ûnderfining brûkt dy't yn oare gemeenten al opdien is mei de meartalichheidskoördinatoren.
   - Yn oparbeidzjen mei de gemeenten, de Ryksoerheid ende oare provinsjes meitsje wy wurk fan de Étfiering fan it Konvenant Nedersaksysk út 2018.

2. Yn te stimmen mei de begruttingswiziging foar oanpassing fan it bestegingsritme.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 19 juny 2024.

drs. A.A.M. Brok , foarsitter

A.G. Rosier , griffier